

# De skiednis werhellet him. Mar oars!

troch **Jitske Brünner**

**Y**n *Stille Tochten* fan Bouke van der Hem (1946) geane in tal figueren op 'e rin mei de histoaryske moard op Ijje Wijkstra. Dy fûn sa'n 75 jier lyn plak en sprekt by in hiel soad minsken noch ta de ferbylding. Sa ek by Van der Hem. Hy brûkt de moard op fjouwer plysjes troch 'stienfoeger, akkordeonspiler en betide kommunist Ije Wijkstra', sa't Van der Hem it ferwurdet op de efterside fan it boek, as middel om de lêzer oan it (nei)tinken te krijen. Want ferbylding is nedich by it lêzen fan 'it drama'. Van der Hem brûkt in

tal personaazjes dy't stik foar stik allegearre har eigen draai jouwe oan it 'Drama van Doezum'.

Joop Zwart, in teaterman, settel him op in ferfallen spultsje by it buorskip De Snipperij, ûnder Doezum. Wat wol faker bart, de púnfal wurdt in pittoreske 'boederette', skriuwt Van der Hem op side 23. En dêr hat no krekt it 'Drama van Doezum' plakfûn. Dêr wie it dat fjouwer plysjemannen it libben lieten, doe't Wijkstra harren delskeat. Sy hienen de opdracht krigen Aaltje Wobbles op te heljen om't Aaltje har fiif bern efterlitten hie foar Ijje Wijkstra en it koe fansels net sa wêze dat dy earne skatten sûnder

mem grut brocht wurde moasten.

Zwart sjocht der fuortendalik in teaterstik yn en set de linen út. Gjalt van der Meer moat it ta in stik bewurkje, Alida Hulsinga mei Aaltje spylje oantreklike frou, dat lûkt in soad minsken, neffens Zwart. Van der Meer sjocht Ije Wijkstra as slachtoffer fan 'kulstrikerij' troch Aaltje Wobbles. Alida Hulsinga dêrfoaroer is benaud dat Ije Wijkstra as slachtoffer nei foarren komme sil yn it stik, wylst it frommes, neffens Hulsinga gewoan ynruile is troch Wijkstra foar syn mem en sy sadwaande it slachtoffer wurden is fan Wijkstra. En Zwart? Ja, ek hy hat sa syn eigen ideeën. Mar dan!

Dan wurdt it in echt drama. De skiednis werhellet him. De Snipperij-syklus hat Van der Hem dêrom as ûndertitel brûkt.

It tredde boek fan Van der Hem kin ik minder wurdearje as syn earste twa, *Sloppe Opels* (2002) en it *Poadiumbeest* (2005). De boadskip dy't Van der Hem mei *Stille Tochten* hat, set er op in bysûndere wize del troch de ferskate haadrolspilers it wurd te jaan yn it boek, mar de oergong fan de iene nei de oare kin dúdliker. As lêzer binne je hieltyd dwaande om foar de geast te krijen wa't no oan it wurd is. Ik haw gauris werom blêdzje moaten nei de ynhâldsopjefte. Dat makket it lêzen

fan sa'n tin boekje (112 siden) noch in hiele keunst.

Op 'e efterside jout Van der Hem oan dat 'it [...] yn it boek fierder fral [giet] om wat in stikmannich figueren 'dêr nó fan meitsje'. Hy soe hjir mei ek de lêzer bedoele kinne, want dêr soarget er al foar. Hoe koe soks no barre? Hie dit net foarkomme wurde kinnen? Freegje wy ússels dat hjoed de dei nei 'in drama' net gauris ôf? En wat is de reaksje fan de mienskip dêr op? Krekt. Stille tochten.

*Stille tochten, Bouke van der Hem, útjouwerij Frysk & Frij, Ljouwert, 2006, priis: 9,90.*